

# De Ko



Yo, lústerje no goed foar dizze iene kear  
Yn de rap dy't jim hearre krijt de ko de ear  
Want wisten jimme wol dat de ko der al wie,  
noch fier foardat de earste Fries bestie?  
Der wie gjin man dy't der wat fan sizze koe  
En gjin frou dy't der wat fan fine soe  
De ko wie the man en sy siet op 'e troan  
Lekker chille op 'e greide fan ús heitelân

Yo, earst wie dêr de ko  
Al fier foar de Fries der wie, is it wis dat de ko bestie  
Lústerje en lear, de ko krijt de ear

Yo, lústerje en lear, wat is it nut fan de ko  
Stiet se in bytsje moai te wêzen foar de sjo?  
Ja dat miskien ek, mar yn har swart wite klean  
Wie sy de grûnlizzer - fan ús Fryske bestean  
Us provinsje waard ferneamd, troch ús kij  
In konstant elemint, ja dat binne sy  
Se soargje foar ús molke, ús bûter en tsiis  
Us identiteit, mei ús kij binn' wy sa wiis

Yo, earst wie dêr de ko  
Al fier foar't de Fries der wie, is it wis dat de ko bestie  
Lústerje en lear, de ko krijt de ear

Yo - jim hawwe lústere en leard  
En dat? Dat wie seker net ferkeard  
Want wy hawwe dus in soad te tankjen oan de ko  
En om dat sjen te litten stiet der no  
Oan 'e Singel yn 'e stêd ta ear foar dit bist  
Sadatsto neat ferjitst en altyd witte silst  
In stânbyld fan ús Mem, hiel sintraal  
De ko, want dat is in bysûnder ferhaal... yo...

Yo, earst wie dêr de ko  
Al fier foar't de Fries der wie, is it wis dat de ko bestie  
Lústerje en lear, de ko krijt de ear

Betink fanôf no by 't sjen fan in ko  
Dit bist stiet hjir wier net yn it lân foar de sjo  
Ooooh ooooh  
Want no wisto, de ko hat de flow  
Bûter en molke, it is in kado  
Ooooh ooooh

Oooh, earst wie dêr de ko  
Al fier foar't de Fries der wie, is it wis dat de ko bestie  
Lústerje en lear, de ko krijt de ear

